

Stem 3 maart



*Franekeradeel*

## Spearpunten út it CDA programma 2010-2014



### Ús húshâldboekje

- It kabinet kondigt swiere besúnigings oan, mar foar ús *net* op:
  - Bou en ûnderhâld fan skoallen
  - ûnderhâld oan plantsoenen, strjitten/diken en brêgen
  - Feilichheit yn de iepenbiere romte en ek behâld fan it nije plysjeburo
- Gjûn lêsteverheging foar ús ynwenners

### Eltsenien docht mei

- Meartalichheit yn kommunikaasje fan de gemeente en it ûnderwiis is normaal
- Fakker klantenpanels en ûndersyk ûnder ynwenners om mieningen te peilen en dêr ek wat mei dwaan
- ûnderwiis, sport en bûtenskoalse aktiviteiten koppelje, sa as yn Ried en Dongjum; nije projekten binne de Opslach en Simon Vestdijk yn de stêd en de basisskoallen yn Seisbierrum en Tsjommearum
- Aktive oanpak fan probleem- en efterstânsjes en foarkomme fan feriensaming fan âlderen

### Libje bewust

- Gearwurking tusken skoallen stimulearje mei romte foar leauwe en libbensoertsjûging
- Aktive foarljochting oer sûn libje oan jong en âld mei oandacht foar oergewicht, alkohol en drugs
- Duorsume ferljochting yn strjitlantearnes, gemeentlike auto's op miljeufreonlike brânstof en mooglik meitsje fan in duorsum tankstasjon yn de stêd

### Meiinoar foar in feilich leefermidden

- Grienôffaldepots yn wiken en doarpen om stoarten fan ôffal yn bermen en op strjitten foar te kommen
- Ferbetterje fan fytsrûtes yn de stêd, û.o. nije fyts- en rinbrêge tusken Ypeysingel en Sjaardemastrjitte en ferhurdzje fan it skelpepad tusken Parkleane en Harnserwei
- Noard-súd rûte fia Ald Keatsfjild nei Súderkade yn rjochtsje as 30 km. sône; oan de Súderkade kuierpromenade lâns it wetter

### Balansearje mei romte

- Ferbetterje en fernije fan de doarpssintra yn Tsjommearum, Easterbierrum en Seisbierrum, aktive oanpak fan ferfallen panden/rottige kiezen
- Nije ynfolling fan it gebiet Ockingahiem, Sjaardemastrjitte en gebouen fan de âlde Plus en postkantoar
- Útfiering fan wichtige plannen út it gebietsproses boaijumdelling;  
Oanpassing fan de wetterhúshâlding foar benammen de lânbou;  
Ferkeersmaatregels op trochgeande diken, benammen yn doarpen;  
ûntbrekkende stikken oanlizze yn fyts- en kuierrûtes, wêrtroch in moaie slach om 'e buorren makke wurde kin  
Fisk- en oanlisstegers oanbringe yn fearten en kanalen;  
Reidkragen oanplantsje foar in natuerlike útstrieling.